

Nominaasjes Rink van der Veldepriis

Op woansdei 17 febrewaris wurdt de Rink van der Veldepriis 2016 útrikt yn it gemeentehûs yn Drachten. De gemeente Smellingerlân en Friese Pers Boekerij namen yn 2003 it inisjatyf foar dizze bysûndere literêre priis. De priis wurdt sûnt 2004 ien kear yn de twa jier takend oan in boek yn ien fan de sjenres dy't Rink van der Velde ek beoefene. Dêrneist moat it oarspronklik proaza yn it Frysk of yn ien fan de Fryske streektalen wêze. De winner kriget 1250 euro en in byld fan keunstner Anne Woudwyk. De kommende wiken stelle de fiif nominearren foar de Rink van der Veldepriis har foar yn Breeduit. Dizze wike: de Stellingwerwer skriuwer Johan Veenstra. Hy is nominearre foar syn boek 'Een vrouw van ivoor'.

Johan Veenstra: 'De locht van Ivoorkust moej' bi'j et lezen roeken kunnen.'

Johan Veenstra is yn 1946 berne yn Wolvegea en opgroeid yn Nijeholtpea, dêr't er noch wennet. Hy hat jierren by de belestingsjinst op It Hearrenfean wurke. Fanwege in groanyske sykte is er nei in tal jier foar in part ôfkard. Yn 1971 begûn er mei it skriuwen fan ferhalen en gedichten yn it Stellingwerfsk. Johan Veenstra is fierder tige bekend wurden mei syn foardragen út eigen wurk. Sûnt 2001 skriuwt Johan Veenstra kollums foar de Leeuwarder Courant yn de rubryk *Klunderen*. Hy hat tal fan romans, ferhalebondels, pöezijbondels en oersettingen op syn namme stean. Yn 1984 en 1991 wûn er de H.J. Bergvioldpries en yn 2002 de Siemonsma kultuerpriis. Yn 2001 is Veenstra foar syn krewearjen foar de Stellingwerfske taal beneamd ta Ridder yn 'e oarder fan Oranje-Nassau.

Wêr hat Veenstra it Stellingwerfsk skriuwen leard?

Johan Veenstra: 'Ik bin begonnen mit et schrieven nao et lezen van 'De oolde pook' van H.J. Bergveld, et eerste boek in et Stellingwarfs. Daor he'k eerst de tael van ofkeken en laeter he'k op een kursus west. In 1972 is de Stellingwarver Schrieversronte opricht, die van alles organiseert angaonde et Stellingwarfs, de literatuur en de geschiedenis. Ik hebbe in et verleden een protte veur de Schrieversronte daon, ik hebbe bi'jveurbeeld kursussen Stellingwarfs geven. Mien boeken wo'n uitgeven deur disse stichting en alle jaoren wodt de sutelaktie hullen daor ik ok an mitdoe.'

Yn hoefier is it boek 'Een vrouw van ivoor' autobiografysk?

'Et boek 'Een brogge van glas' daor dit boek op volgt is veur 100% autobiografisch. Die roman gaot d'r over da'k eerst nao de dood van mien moeder ontdekt hebbe wie mien vader was en da'k een halfbreur hadde. Disse ni'je roman is veur een groot pat ok autobiografisch, mar d'r zit ok fiktie in. In 'Een brogge van glas' he'k veur de eerste keer hiel eupenhattig over mien homoseksualiteit schreven en in mien ni'jste boek komt dat zo now en dan ok naor veuren. De meensken uut 'Een brogge van glas' kommen ok in 'Een vrouw van ivoor' veur, mar beide boeken bin los van mekeer te lezen.

'Een vrouw van ivoor' gaot in et eerste plak over een jonge vrouw uut Ivoorkust die vlochten mos veur de burgeroorlog daor om de ieuwwisseling henne en op een waarme julidag in 2006 in mien huus komt. Ik vertelle over heur leven en over mien leven tot de dag dat oonze levens mekaander krusen. Mien achtergatsneve Feike Oosterhof, die jaoren in Ivoorkust woond het, het me hulpen bi'j et schrieven van de Afrikaanse stokken. De locht van et laand moej' bi'j et lezen in feite roeken kunnen.'

Hawwe jo Rink van der Velde persoanlik kend?

'Ja, ik bewondere zien wark slim. In et verleden hewwe tegere wel an literaire aovens mitdaon hier in de Stellingwarven. Rink het op een bepaold ogenblik regeld dat de Stellingwarver schrievers ok op 'e boekemark in Drachten staon können. Et is hiel spietig dat die boekemark niet meer bestaot.'